

Provinsjale Steaten fan de Provinsje Fryslân
FNP
Postbus 20120
8900 HM Ljouwert

Ljouwert, 27 maaie 2014
Ferstjoerd, **27 MEI 2014**

Us merkteken : 01136944
Ofdieling :
Behannele : M.K. van Dam / (058) 292 59 52 of m.k.vandam@fryslan.nl
troch
Jim merkteken :
Taheakke(n) :

Underwerp : beântwurdig skriftlike fragen oer fasilitearring bedriuwskoallen..

Achte Steateleden ,

Jim skriftlike fragen op grûn fan kêst 39 fan it Reglemint fan Oarder, ynkommen op 24 april 2014, beântwurdzje wy sa:

Fraach 1:
Hat it Kolleezje in goed oersjoch fan de ferskate bedriuwsskoallen yn Fryslan? Sa nee, wêrom net?

Antwurd fraach 1:
De provinsje hat út de ynfalshoeke ekonomy en arbeidsmerk wei in goed oersjoch fan de besteande bedriuwsskoallen yn Fryslân.

Fraach 2:
Watfoar mooglikheden binne der om bedriuwskoallen lykas De Vries Makkum mei provinsjale middels te stimulearjen/fasilitearjen?

Antwurd fraach 2:
As soks strykt mei it belied fan de provinsje, dan kinne provinsjale middels ynset wurde.

Fraach 3:

Sjocht it Kolleezje ek mooglikheden om bedriuwskoallen te fasiltearjen fia it programma "Wurkje foar Fryslân"? Watfoar mooglikheden binne der om de regeling "Talint foar Fryslân" sa yn te rjochtsjen dat bedriuwskoallen dêr ek gebrûk fan meitsje kinne?

Antwurd fraach 3:

As soks strykt mei de beliedsramten fan Wurkje foar Fryslân kinne bedriuwsskoallen ek in berop op de beskikbere middels dwaan. Wat Talint foar Fryslân oanbelanget, giet it om traineebanen, it opdwaan fan wurkûnderfining, en net fuortdaliks om oplieding. Oanpassing fan dy regeling is net yn it foarste plak needsaaklik, om't der foar de bedriuwsskoallen oare regelings beskikber binne. It giet dan bygelyks om middels fan it sektorfûns A&O Metalektro, de sektorplannen en middels fan it Aksjeplan Jeugdwurkleazens.

Fraach 4:

As de mooglikheden fan de provinsje Fryslân dochs (te) beheind wêze soenen, is it Kolleezje dan ree te lobbyen om de finansieringsmooglikheden fan bedriuwskoallen te ferbetterjen? Tink ek oan de ynset fan re-yntegraasjejilden, Europeeske subsydzjes ensfh.

Antwurd fraach 4:

De provinsje hat de mooglikheden fan it lanlike ynvestearringsfûns mbû by ferskate partijen yn it omtinken brocht. Dy kinne subsydzje krije foar it opsetten fan in publyk-private gearwurking tusken it mbû-ûnderwiis en it bedriuwslibben. Yn dat ferbân hat der ek in petear west mei fertsjintwurdigers fan De Vries Makkum, ROC Friese Poort, het ministearje fan OC&W en it sektorfûns A&O Metalektro. It is de bedoeling om mear bedriuwen út de regio yn de bedriuwsskoalle partisipearje te litten om sadwaande de kwetsberens (ien bedriuw) te ferminderjen en de bedriuwsskoalle foar de takomst te behâlden.

Dêrtroch kinne bedriuwen ek earder yn 'e beneaming komme foar subsydzjes, ûnder oare fan it ynvestearringsfûns mbû en middels út it sektorfûns A&O Metalektro. Op it stuit wurdt wurke oan in projektplan om yn 'e beneaming te kommen foar middels út it ynvestearringsfûns mbû. De provinsje is partner yn it proses om it ferduorsumjen fan de bedriuwsskoalle, yn it projektplan ferwurke, stal te jaan. Boppedat hat de provinsje yn oparbeidzjen mei de gemeente Ljouwert ûndersocht oft der middels út it Aksjeplan Jeugdwurkleazens (ryksmiddels dy't troch de gemeenten ynset wurde) ynset wurde kinne by de refit fan in bestaand jacht by De Vries Makkum. Dat hat laat ta yn konkrete tasizzing fan middels om jongere wurkleaze wurksikers by it projekt yn te setten.

Fraach 5:


Wy hawwe begrepen dat der ek in "Investeringsfonds MBO" yn it libben roppen is dêrt € 100 miljoen mei ferdielid wurdt. Hoe sil de provinsje Fryslân dêr oan bydrage? En hoe wurdt it fûns konkreet makke foar it bedriuwslibben en MBU yn Fryslân om oanfragen yn te tsinjen?

Antwurd fraach 5:

De regeling ynvestearringsfûns mbû is okkerdeis publisearre en is tagelyk de yngongsdatum dat mbû-ynstellings harren oanfragen (yn oparbeidzjen mei it bedriuwslibben) by it ministearje fan OC&W yntsjinje kinne. Lykas ûnder fraach 4 al oanjûn is, ynformearret de provinsje de partijen fan it eigen netwurk (ûnderwiisorganisaasjes en bedriuwslibben) oer de mooglikheden fan de regeling. Mocht bliken dwaan dat der ek in bydrage fan de provinsje frege wurdt, dan sil dat oan de beliedsramten fan de provinsje hifke wurde.

Mei rju achtinge,

Deputearre Steaten fan Fryslân,



J.A. Jorritsma, foarsitter



drs. A.J. van den Berg, siktaris